



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. Se folgje Jezus op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Hjoed binne se derby as Jezus in sike man better makket. Sara en Simon binne op deselde dei berne, in twilling dus. Sara is de âldste en tige nijsgjirrich. Simon is de jongste, mar wol de grutste. Sara fynt Simon eins mar in wiisprater, want dy hat op alle fragen wol in antwurd. Simon fielt himsels, as Daniël net thús is, de grutte broer en neamt Sara ‘myn suske’. Dat makket Sara poer. “Mar ik bin lekker de âldste fan ús beiden!”, ropt se dan.

Genêzing fan in sike

Lukas 4,31-44

“Binne jim al klear?” Buorman kloppe op ’e doar.

Heit rôp: “Ja, wy komme deroan!”

Yn it stedsje Kafarnaüm hiene de minsken mei-inoar ôfpraat dat se inoar, foardat de sinne ûndergie, ophelje soene. Dan begûn de sabbat en woe elkenien nei de synagoge. Hjoed soe Jezus yn Kafarnaüm komme om te learen. Wol efkes oars as yn Nazaret. De minsken harken yn Kafarnaüm graach nei Him. Simon syn heit sei altyd: “De wurden fan Jezus binne de hiele wike by my. Se dûnsje en sjonge om my hinne. It is as wolle se my hieltyd opnij Jezus’ boadskip fertelle.”

“Kom, Simon en Sara, wy geane!”

Mem frege noch: “Hawwe jim wol hanwosken?”

“Nee? Kom gau hjir!” Se liet wat wetter út ’e krûk oer de hannen fan Sara en Simon rinne. Dat wiene se sa wend.

“Goed waskje, hear!”, warskôge mem.

Einlings kamen se by de synagoge oan. Dêr wie it al drok.

De minsken fregen: “Hawwe jim Jezus al sjoen?”

In man anturde: “Ja, Hy wie hjir fan ’e moarn al foardat it ljocht waard.”

Simon luts syn heit oan ’e mantel en wiisde nei in man. “Wa is dat, heit? Wat docht dy man frjemd.”

“Hy is siik en wit bytiden net wat er docht”, antwurde heit.

Doe't de man Jezus oankommen seach, begûn er ynienen te razen. Hy rôp sa lûd as er koe: "Hé, do dêr, Jezus fan Nazaret, wat moatsto fan ús? Bist kommen om ús kapot te meitsjen? Ik wit wa'tsto bist: Do komst fan God."

It bleau stil...

Nimmen doarde mear wat te sizzen. Allinne Jezus rûn tusken de minsken troch en stapte op de man ôf.

De eagen fan de man spatten fjoer. It wite skom stie him op 'e mûle.

Hy spuide foar Jezus op 'e grûn en soe opnij begjinne te razen. Mar Jezus spruts strang: "Hâld dy stil! Ik wol dat dy kweade geast út dy weigiet."

Op itselde stuit rôle de man alhielendal slop oer de grûn. Al it kwea luts út him wei.

Hy seach rêstich om him hinne...

De hurdens wie fuort!

Simon hie it allegear sjoen. Hy stie op 'e fuotten te triljen. Soks hie er noch net earder meimakke. Hy gie ticht tsjin heit oan stean.

Elkenien begûn drok te praten...

In man dy't njonken heit stie, sei: "Hokker wurden binne dat? Bist dêrmei baas oer it kwea?"

Heit sloech de earm om Simon hinne en sei: "Dat is no wat ik altyd al sei: Jezus' wurden meitsje minsken oars. Se meitsje minsken wer as nij."

"Dat moat sa wêze", sei de man. "Ik leau dat Er ús de wurden fan God leare wol."

"Lit ús it mar oan elkenien fertelle dy't it hearre wol", flústere Simon.